

UTJOUWERS KONTRAKT

Utjouwerskontrakt
tusken
(neikommend: auteur)

.....

en
(neikommend: útjouwerij)
Grotesk, Boomstraat 32D, 1015 LC Amsterdam

§ 1 - Underwerp fan it kontrakt

Het ûnderwerp fan dit kontrakt is it troch de auteur skreaune – of te skriuwen – wurk mei de titel:

.....

§ 2 - Rjochtsfoech

De auteur draacht sûnder hokker beheiningen ek foar de duer fan it wetlike auteursrjocht it eksklusieve rjocht op útjefte en reproduksje (kopijrjocht) fan it in § 1 beskreaune wurk oer oan de útjouwerij ynklusyf eventuele ôfbyldingen foar alle útjeften en oplagen sûnder beheiningen oangeande de oantallen en ek foar alle talen. Hy jout dêrmei oan dat troch it brûken fan it wurk rjochten noch oanspraaklikheid fan treden noch de wet skeind wurde en dat er de rjochten fan it wurk hielendal noch foar in part op in oar plak beskikber steld hat. Yn it bysûnder draacht de auteur de folgjende, eksklusieve, tydlike, ynhâldlik ûnbeheinde brûkersrjochten oer:

a) it boekrjocht; it rjocht ta fermannichfâldiging en fersprieding fan it wurk of fan it bewurkjen fan it wurk yn alle boekfoarmen foar alle oplagen en útjeften foar alle ferkeapmooglikheden, yn it bysûnder de assortimintsboekhandel, njonken-merken, oare detailhannels, boekferkeapplakken en besibbe ynstellingen.

b) it databankrjocht; it rjocht om it wurk of bewurkingen fan it wurk yn in foar in masine lêsbere foarm te jitten, likefolle hokker programma en taal, en te bewarjen, likefolle hokker sammelmiedium, te bewurkjen en yn it bysûnder te foarsjen fan tagonklike Software lykas it bewarjen op de winske datadragers, dy datadragers mei data yn de winske foarm te fermannichfâldigjen, te fersprieden, út te lienen lykas it datafieroerdragen (downloaden) nei de kompjûter fan treden, en lykas it printsjen fan papierkopyen oan 'e einbrûker ta te stean.

Dêrfan útsûndere is it rjocht op publikaasje fan de auteur, de útjouwer of it ynstitút dêr't it wurk oan skreaun is. Lêstneamden hawwe útdruklik it rjocht ôfsûnderlike dielen fan it wurk yn faktydskriften en soks te publisearjen, lykas in elektroanyske ferzje op in eigen Homepage en / of de Homepage fan de bibleteek fan de universiteit dêr't it wurk oan skreaun is, te pleatsen. Yn al dy gefallen moat der in ferwizing nei de útjouwerspublikaasje opnommen wurde. It kopijrjocht fan de útjouwerij giet yn by de foltôging fan it wurk.

§ 3 - Plichten fan de útjouwerij

De útjouwerij is ferplichte it wurk te fermannichfâldigjen, út te jaan, en der op passende wize reklame foar te meitsjen. De opmaak, it boekomslach, de oplagesifers, de levertiid, de ferkeappriis en de te meitsjen reklame wurde nei plichtbewust goetdenken troch de útjouwer bepaald en dêrby hâldt dy rekken mei it doel fan it kontrakt likegoed as de gewoanten sa't dy yn de boekhannel-útjouwerij jilde foar al dit soort útjeften.

§ 4 - Oanleverjen fan it manuskript

De auteur is ferplichte om op syn heechst twa moannen nei it ôfsluten fan it kontrakt it komplette en printkleare manuskript op papier (laserprint) of as PDF-bestân oan te leverjen.

§ 5 - Honorarium foar publikaasjes fan de útjouwerij

De auteur krijt foar alle ferkochte en betelle eksimplaren in honorarium dat basearre is op de ferkeappriis, fermindere mei de koarting foar boekhannelers (netto ferkeappriis fan de útjouwerij). It honorarium foar de earste fyftich ferkochte eksimplaren bedraacht tsien persint fan de netto ferkeappriis (oftewol royaltys: tsien persint). As der mear as hûndert eksimplaren ferkocht wurde binnen ien kalinderjier, giet it persintaazje nei tweintich persint fan de netto ferkeappriis. Dat jildt foar it ûnder §2 a) oantsjutte boekrjocht. Foar de ûnder § 2b) oantsjutte haad- en byrjochten krijt de auteur in honorarium fan fyftich persint fan de opbringsten. De auteur krijt tweintich eksimplaren foar eigen fersprieding, foar sechstich persint fan de ferkeappriis (oftewol, marzje: fjirtich persint).

De útjouwerij sil jierliks, en wol tsjin 31 desimber, of binnen 90 dagen nei dy datum it oantal ferkochte eksimplaren en it honorarium fêststelle. Utbeteljen fan it honorarium krijt syn beslach maksimaal 6 wiken nei it ferstjoeren fan de rekken. It honorarium wurdt oermakke op:

rekkenûmer:

namme fan
de bank:

IBAN:

BIC:

§ 6 - Slotbepalingen

Foar safier't dit kontrakt gjin regelingen befettet, jilde de algemiene wetlike bepalingen fan it Nederlânsk rjocht. De neatigens of ûnjildichheid fan ôfsûnderlijke bepalingen fan dit kontrakt hawwe gjin ynfloed op de jildichheid fan de oare bepalingen. De partijen binne yn dat gefal ferplichte de ûnjildige bepaling te ferfangen troch in bepaling dy't yn ekonomysk en juridysk opsicht sa ticht mooglik by de ûnjildige bepaling stiet.

Plak fan hanneling is inkeld en allinne it fêstigingsplak fan 'e útjouwerij.

Plak/datum

Plak/datum

Hantekening - auteur

Hantekening - útjouwerij